

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: S. Posthumus, FNP
Mei-yntsjinner(s):

Moasje nr.	
Paraaf	
Wurklistpunt	
Beslút	

MOASJE, ex artikel 30 Reglement van orde

Steategearkomste	22 maaie2019
Wurklistpunt	07. Jierrekken 2018 provinsje en neisoarchfûns stoart-plakken
Koarte titel fan de moasje	Analyze efterbliuwen EU-subsydzjes

De Steaten, yn gearkomste byien op de 22^e fan blommemoanne 2019,

konstatearjende

- dat út in artikel yn Binnenlands Bestuur¹ bliken dien hat dat Fryslân fier efferint mei it ynheljen fan Europeeske subsydzjes (bygelyks Grinslân € 289 miljoen en Fryslân 64 miljoen tusken 2014-2020);
- itselde jildt foar de ferdieling fan EFRO subsydzjes tusken 2015-2018 (Jierrekken provinsje Fryslân 2018, side 115);
- dat neffens Bureau Erac Friezen fan alle ynwenners fan Nederlân it minst profitearje fan Europa²

oerwaagjend dat

- Fryslân noch gjin eigen universiteit hat en dat neffens ferskate berjochten in wichtige oarsaak is;
- De struktuer fan de ekonomy en de lobby dêrneist ek in rol spylje kinne

fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten:

- in analyze te meitsjen wêrom't Fryslân tige efterbliuwt mei it ynwinnen fan EU-subsydzjes
- de Steaten te ynformearjen oer de útkomsten dêrfan en mooglike ferfolchaksjes

en gean oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
---------------	---------------------------------

¹ <https://www.binnenlandsbestuur.nl/financien/nieuws/ruim-helft-eu-subsidies-naar-randstad.9613198.lynkx>

² <https://nos.nl/artikel/2285130-groningers-profiteren-het-meest-van-europese-subsidies-friezen-het-minst.html>